

DOARPSKRANTSJE

EASTEREIN april 2025



COUPERUS HYDRAULIEK B.V.

Couperus Hydrauliek ontwikkelt, ontwerpt en bouwt hydraulische systemen voor elke denkbare toepassing.

Mobiele hydrauliek



Hydrauliek voor industrie

Maritieme hydrauliek



Techniek is onze drive!

Kolofon

Nûmer 4 – april 2025

Redaksje:

Bauke de Boer

Helga Develing

Klaas de Jager

Jet Postma

Einredaksje: Karin Sjaarda

Foto foarside: Willy Sybesma

Opmaak: Froukje Dijkstra

Printwurk: Drukkerij Van der Eems

Kopij Doarpskrantsje:

doarpskrante@easterein.nl

as by Karin Sjaarda,

Andries Joustrastrijtte 5

Webside Easterein.nl:

info@easterein.nl

Twitter: @easterein_frl

Facebook: [Fraach&oanbod&sa](#)

Advertinsje?

Mail nei doarpskrante@easterein.nl

Rekkennûmer:

NL70 RABO 0349 5017 26

û.f.f. Doarpskrante

De redaksje fan de Doarpskrante stelt har net oanspraaklik foar de ynhâld fan ynstjoerde stikken. De redaksje behâldt har it rjocht foar om artikels yn te koartsjen of mooglik te redigearjen. Troch it ynstjoeren fan teksten/of byldmateriaal jouwe jo tastimming foar it fermannichfâldigjen hjirfan.



Kopijdatum:

Woansdei 30 april

(ferskynt 9 maaie)



Theunis Hofstee

Fabrykswei 1 8734 HV Easterein info@theunishofstee.nl 0515-331280

kapsalon 't Kniplokaeltsje



Op freed fan
18.00 - 20.00 oere
op ôfspraak!

Skilplein 1
8734 GW Easterein
Tel: 0515 - 33 23 20

Oant sjen!



BINGO

FOAR JONG & ÂLD

WIN GEWELDIGE PRIZEN!

SNEON 12 APRIL

GROEP 1 O/M 4 16.00- 17.30 OERE

(JONGERE BROERKES EN SUSKES MEIE EK KOMME FANSELS)

GROEP 5 O/M 8 19.00 - 20.30 OERE

GROEP 8 EN ÂLDER 20.30 OERE

FOAR DIZZE GROEP GRAACH DYSELS

FOAR 10 APRIL OPJAAN BY TINEKE 06 53 41 69 52

DIZZE BINGO IS EK SEKER
GESKIKT FOAR FOLWOEKSENER

ENTREE 05,-



Doarpsaginda April

April

04 april	20.00	Jiergearkomst Fûgelwacht Easterein, <i>De Skoalleseize</i>
05 april	14.30	SDS 1 - Foarút 1, <i>De Skoalleseize</i>
08 april	19.30	Film kijken, <i>Populiereleane 9</i>
09 april	14.00	Palmpaasstokken knutselen, <i>De Foareker</i>
10 april	12.00	Samen eten, <i>De Skoalleseize</i>
10 april	20.00	Theaterstik "It Spoar Werom", <i>Bergsma</i>
10 april	20.00	Jiergearkomste "De laatste Eer", <i>Bergsma</i>
12 april	07.00-08.30	Griene kontener
	16 19 20.30	BINGO foar jong & âld, <i>De Tsjerne</i>
13 april	10.00	Sealkeatsen jongerein, <i>Sporthal De Greidhoeke</i>
15 april	07.00-08.30	Ald papier
16 april	07.00-08.30	Grize kontener
17 april	20.00	Jiergearkomste Doarpsbelang Hâld Faesje, <i>De Skoalleseize</i>
	20.30	The Passion kijken, <i>Martinitsjerke</i>
18 april		Maaie-fakânsje o/m 5 maaie, <i>De Foareker</i>
20 april	08.00	Paasontbijt, <i>Martinitsjerke</i>
	16.00-20.00	Blues cruise mei 'The Thomas Toussaint band', <i>Bergsma</i>
23 april	07.00-08.30	Griene kontener
23 24 april	13.30	Keatskamp KF Easterein KF Wommels, <i>De Skoalleseize</i>
25 april	19.00	Stappe en happe, <i>De Skoalleseize</i>
26 april	09.00	Start Keningsdei-aktiviteiten
	10.45	Keningsdeipartij leden KF Easterein en Oranjeferiening (fanôf de basisskoalle), <i>De Skoalleseize</i>
	17.00	In gesellige ôfsluting mei DJ Baggel, <i>De Skoalleseize</i>
29 april	20.00	Ledegearkomste Geke, <i>De Skoalleseize</i>
30 april	07.00-08.30	Grize kontener
	20.00	Lêste ynleverdei kopij Doarpskrante

Maaie

04 maaie	19.30	Dodenherdenking, <i>Kunstcentrum 'in de Kerk'</i>
06 maaie	18.30	Alder/bernkeatsen, KF Easterein
07 maaie	07.00-08.30	Griene kontener
09 maaie	12.00	Samen eten, <i>De Skoalleseize</i>
	19.30	Stipersjûn KF Easterein mei Tristan Bangma, <i>De Skoalleseize</i>

Dizze ynformaasje komt fan easterein.nl en út de mailtsjes dy't wy krije.
Ha jo ek wat foar de doarpsaginda? Mail it dan nei doarpskrante@easterein.nl

Nije AED nei fernieling

Troch Liesbeth Bootsma

Dorpsbelang Easterein hat twa AED's yn it doarp, mar spitigernôch waard ien dêrfan troffen troch fandalisme en wie net mear brûkber. De skea wie sa grut dat de betrouberens net mear garandearre wurde koe – en by in AED moastst der 100% op fertroue kinne dat er wurket as it derop oankomt.

Dêrom ha wy besletten om daliks in nije AED oan te skaffen. Hoewol't de subsydzje-oanfragen noch yn behandeling binne, woene wy net wachtsje mei de oankeap. De AED's binne foar elkenien beskikber en oanmelden by HartslagNu.

HartslagNu is in lanlik opropsysteem foar reanimearing. As der yn ús omkriten in needgefal is, wurde frijwillige burgerhelpferlieners fia HartslagNu oproppen om nei it slachtoffer te gean en, as it nedich is, mei in AED te helpen by de reanimearing. Op dizze manier kin der fluch hannele wurde, noch foar't de ambulânse der is. By in hertstilstân binne de earste minuten fan libbensbelang, dus in goede dekking fan AED's en helpferlieners kin echt it ferskil meitsje.



Op it stuit binne der neffens HartslagNu 21 burgerhelpferlieners út Easterein oanmelden. Foar in goede dekking wurdt sjoen nei gemiddeld 2% fan it ynwennertal, dus wy sitte op de goede wei. Dochs soe it moai wêze as noch mear minsken harren oanmelde wolle.

Minsken dy't in reanimearingskursus folge hawwe kinne harren fergees registrearje op www.hartslagnu.nl en op dy manier helpe om ús doarp noch feiliger te meitsjen.

Wy hoopje fansels dat de AED's net nedich binne, mar it jout in feilich gefoel dat se der binne foar de mienskip fan Easterein. Om elkenien op 'e hichte te hâlden, wurde de lokaasjes fan alle AED's yn Easterein ek alle moannen fermeld yn it Doarpskrantsje.

Ledenfergadering Doarpsbelang “Hâld Faesje”

Tongersdei 17 april 2025 yn de Skoalleseize



Fan 19.15 oere ôf binne alle Eastereiners wolkom om de unike 11 meter lange “Snitzelbank” te besjen dy't yn 1946 presintearre waard oan it doktersechtpear Hofstee by harren ôfskied fan Easterein.

Yn hjoeddeiske taal is “in snitzelbank” in powerpointpresintaasje op papier. It is historysk unyk materiaal, en ek kwetsber, want it is makke op “oarlogsbehang” fan net al te bêste kwaliteit. De rol bewarje wy yn it “geconditioneerde archief” fan De Tiid yn Boalsert.

Ien kear no kompleet útrôle te sjen, dus wês derby! Ek de kranten en Omrop Fryslân binne hjirfoar útnûge.

De ledenfergadering begjint om 20.00 oere.

1. Iepening
2. Ferslach fan de jiergearkomst fan 18 april 2024
3. Jierferslach 2024
4. Finânsjes 2024, taljochting en ferslach kaskommisje
5. Bestjoersynfulling. Der is dit jier gjin bestjoerswiksel
6. Argivaris Jack de Vries nimt ús mei yn de argyven fan Súdwest Fryslân. Wat is der fanút Easterein te finen en wat wolle jim gaach witte.
7. Rûnfrach en sluting

Wij sjogge jim graach kommen.

Bestjoer doarpsbelang “Hâld Faesje”

Berend Santema, Henk Duimelaar, Wouter Develing, Sjoukje van der Eems, Simon van der Velde, Liesbeth Bootsma en Sjouke Strikwerda



Unike “Schnitzelbank” út 1946 skonken oan Doarpsbelang Easterein

Famylje fan dokter Hofstee ha in “schnitzelbank” fan benei 11 meter lang skonken oan it doarpsbelang fan Easterein. Hofstee wie fan 1935 oant 1946 húsdokter yn Easterein. De schnitzelbank is noch yn in útsûnderlik goede kondysje, ek al is er makke op “oarlocksbehang”.



Wat is in Schnitzelbank

Yn hjoeddeiske taal kin je in Schnitzelbank omskriuwe as in “Powerpoint-presintaasje op in rôle behang”. Fan begjin oant de ein wurde tekeningen, plaatsjes en teksten op de rôle oanbrocht. By de presintaasje is der dan ien persoan dy’t ôfrôlet en in oare persoan dy’t oprôlet sadat it publyk hyltyd in nij byld te sjen krijt, wêr’t de presintator syn ferhaal by ôfstekt.

Ofskied dokter Hofstee

Yn 1946 naam Easterein mei de omlizzende doarpen ôfskied fan dokter Hofstee. Tsjien jier lang hat Pieter Eltjo Hofstee, mei syn frou Anke Cornelia Bolt, de dokterspratyk fan Easterein fersoarge. In grutte praktyk, wêr’t ek Itens, Rien, Lytsewierrum, Hennaerd, Reahûs en Tirns ta behearden.

De minsken wiene tige wiis mei dokter, en der waard in grut opset ôfskiedsfeest organisearre om him te betankjen. In Makkumer wandboerd mei dêrop ûnder oaren it doktershûs en op de efterkant in passende tekst waard oanbean. Dêrneist waarden de belevenissen fan dy tsien jier mei behelp fan in Schnitzelbank presintearre.



Oarlochstiid

Yn de schnitzelbank wurdt ek oandacht skonken oan de oarloch. Hofstee krige it oan de stok mei de Artzen Kammer en moast him wol wat gedeisd hâlde. Ek de auto waard foardere, en yn de schnitzelbank stiet beskreaun hoe't dat ôfrint...

Foar ien kear te besjen

Foarôfgeand oan de ledegearkomste fan Doarpsbelang op 17 april oanstearde is fan 19.15 oant 20.00 oere de folslein útrôle schnitzelbank te besjen foar Eastereiners en foar de parse yn De Skoalleseize. Oanreitsje mei net! De Schnitzelbank giet dêrnei wer nei it gemeente-argyf "De Tiid" yn Boalsert, wêr't er ûnder de bêste kondysjes bewarre wurdt.

Oer de skinkster

It echtpear Hofstee krige gjin bern, en sa binne sawol it Makkumer wandboerd fan it doktershûs as de schnitzelbank by in nicht yn Drinte telâne kommen. Wy binne der tige wiis mei dat hja beide saken oan it Doarpsbelang skonken hat, fanút de gedachte dat it yn en by Easterein heart.

Fan de schnitzelbank is ek in filmke makke. Dizze sil ek fertoand wurde en komt dêrnei op it doarpsargyf: easterein.argyf.nl



Waar vind je een AED in Easterein?



- *Andries Joustrastrjitte 16, plek buitenmuur woning, permanent beschikbaar*
- *Restaurant-Partycentrum Bergsma, Sibadawei 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Sporthal de Greidhoeke, Stittenserleane 29, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Martinitsjerke, Tsjerkebuorren 2, plek buitenmuur, permanent beschikbaar*
- *Huisartsenpraktijk wwWommels-Easterein, Van Eijsingaleane 10, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *De Skoalleseize, It Heechhiem 11, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Drukkerij Van der Eems, Sibadawei 20, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Bos Mechanisatie, Sibadawei 24, plek binnen, beschikbaar tijdens openingsuren*
- *Fam. Postma, Skrok 11*



Schade? Bel: 0515 336585

**Wij verzorgen uw
complete schade**

**Wij spuiten keukens
en ander meubilair**

www.autoschadevankrimpen.nl

MetzStyle

KAPSALON VISAGIE

U kunt ook
reserveren via
metzstyle.nl

Dinsdag
8.30-12.30
13.30-18.00 uur

Woensdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Donderdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Vrijdag
8.30-12.30
13.30-18.00
18.30-20.00

Zaterdag
8.00-12.30 uur

Terp 27
8731 AX Wommels
0515 333 873
www.metzstyle.nl

voor het totale
plaatje naar

V.D. WERF

BOUWSERVICE

- Badkamer & toilet - renovaties & tegelwerk
- Kozijnen, Deuren & beglazing (kunststof & hout)
- Gevelbekleding & dakgoten (kunststof & hout)
- Dakwerk, dakkapellen & zonwering
- Aanbouw, verbouw & timmerwerkzaamheden
- Verkoop bouwmaterialen

06-46117123 • WWW.VDWERFBOUWSERVICE.NL

BOUWEN & VERBOUWEN

Nijs fan de Soos

Troch J. de Jong

No't wy de winterperioade wer hân ha, de snieklokjes en krokussen yn de bloei stean, wie it wer tiid foar ús slotmiddei fan de Soos.

25 maart wie ús lêste middei, earst in potsje spylje en dêrnei kofje/tee mei wat lekkers derby. Dêrnei krigen wy de priisútrikking.

By de koersballers wienen dat:

1e priis: Jacob de Jong

2e priis: Coba Stremmer

3e priis: Jan Strikwerda

By it kaarten wienen dat:

1e priis: Klaas Faber

2e priis: Hilbrand Drost

3e priis: Aline Evenhuis



Wy ha wer in prachtich winterskoft hân, mei in soad wille, yn it skoft gesellich mei elkoar kletse en mei it spuljen as it lukte elkoar ôftroeffe, mei soms it resultaat dat in oar der mei de winst fan troch gong.

De groepkes binne wat lyts, dat wa sin hat is altyd wolkom of kom in kear lâns. It is fan ein oktober tot ein maart, eltse tiisdeitemiddei fan 14.00 tot goed 16.00 oere. **Gewoan prebearje, wês wolkom.**



Beste minsken,



Tige tank foar jim omtinken nei myn ûngelukkige fal yn it hok.

Tank foar de kaarten, blommen, fruit en oare presintsjes, yn hokker foarm dan ek. It hat ús tige goed dien!



Groetnis, Sake en Janny

It spoar werom - update

Troch Jan Arendz en Marijke Geertsma

Wat is it prachtich om sa yn dy moaie Martinitsjerke te repetearen. Mei regisseur Bruun Kuijt en alle spilers, Tseard en Sjoukje, de bûgelspilers, figuraasje en koar binne we drok dwaande om alles op 'e rails te krijen en dat giet goed. Ek de beide technykmanen dogge harren bêst om der in moai gehiel fan te meitsjen mei ljocht en lûd.



Boppedat is de basisskoalle dwaande om 'wurkstikken' te meitsjen nei oanlieding fan de tema's fjochtsje, flechtsje, frijheid, frede... Dizze kinne aanst bewûndere wurde yn de seal fan kafee Bergsma... Doarpsbelang lit dêr ek noch wat sjen... Hiel bysûnder!

Sneon 22 maart wie in drokke dei, want alle minsken waarden, sa as wy dat neame: *yn 'e klean stutsen*... Meielkoar wol sa'n 80 mannen en frouen. Mar it komt der prachtich út te sjen.

Wol ha wy noch in pear minsken nedich foar de kaartkontrôle en it kofjeskinke. En der binne noch inkele foarstellings net ynfuld foar figuranten, dy't de oarlochslachtoffers út Easterein 'in gesicht' jaan sille. Dus wol ien ús noch helpe of witte jim noch in pear nammen? Opjaan kin by ús op jmteaterwurk@hotmail.com



**Kapsalon
Wilma**

VOOR DAMES EN HEREN

Hottingawei 4
8771ST Nijland

OPENINGSTIJDEN:

Dinsdag 8:30 - 18:00

Woensdag 8:30 - 12:30

donderdag 8:30 - 18:00

vrijdag 8:30 - 21:00

Andere tijden in overleg



Bel. 0515 569099
App. 06 22726324

Lang haar en bruidspecialist - Goldwell mastercolorist




It Spoar Werom II

Troch Helga Develing

“Er valt nog niet heel veel over te vertellen,” zeggen de mensen die ik er naar vraag. Maar al met al vertellen ze genoeg voor een klein stukje in ons Doarpskrantsje. Al een paar maanden is J&MTeaterwurk druk doende met de productie ‘It Spoar Werom’. Een productie die steeds meer vorm krijgt. En waar steeds meer Eastereiners zich bij betrokken voelen.

Zo worden er her en der in Easterein figuranten ‘geronseld’. En als er één ‘ja’ heeft gezegd, vraagt die weer een ander. “Het is niet veel werk en ik vind het wel leuk,” zegt er één. “Kleine moeite”, vindt een ander. En hij voegt eraan toe: “ik ga maar twee keer, dat is niet zo veel.” Ook al is het niet vaak, de producenten van J&MTeaterwurk zijn er blij mee. Anderen doen wel wat vaker mee. Alle beetjes helpen.

Zaterdag 22 maart is er kleding gepast. Dat zorgt voor hilariteit alom. De een na de ander transformeert van dorpsgenoot naar militair of verzetsstrijder. “Ik weet wel wat ik ben, maar nog niet wat ik moet doen. Dat hoor ik dan nog.” Veel is er nog niet over te vertellen. Maar het leeft steeds meer en men heeft er zin in!



Willy Sybesma (skoalle) Fotografie

Hofslane 5 Easterein

www.willysybesma.nl

Sykje jo een fotograaf foar it meitsjen fan foto's fan:

- De famylje
- Jim gesin
- Jimme swangerschap
- Jo bedriuw

Dan bin ik miskien wol de fotograaf foar jim!

Wolle jo ris yn petear mei my oer een fotoreportage?

Beije kin nei:

06-48071440

Of mailt nei:

info@willysybesma.nl



Wachtsje net mei it fêst lizzen fan oantinkens oant letter want letter is no!



Bergsma Easterrein



RESTAURANT



PARTYCENTRUM



TROUWLOCATIE



ZAKELJK



CATERING



0515-331290



INFO@BERGSMAEASTEREIN.NL



WWW.BERGSMAEASTEREIN.NL



Foto's: © Willy Sybesma

Fêstrûn, de toanielútfiering op 7 en 8 maart 2025

Troch Karin Sjaarda

Soa, wat in tastân wie dat doe. Wy as froulju mei syn fjouweren ûnderweis nei de Chippendales. No, dêr binne we nea oankommen troch de lege akku fan Marjan har auto. Wy mochten oernachtsje yn in ferlitten buorkerij fan in net sa freonlike bargeboer en dat draaide út op bargebiten; bonken, skedels, orgaanhandel en in bloedzjend hert. Mar ek: in feearts, in fereale stel en in privee-optreden fan de 'Chippendales'.



Wiest der no wol as net by, gelokkich ha we de foto's noch .
Wy hoopje dat jimme genoaten ha. Wy yn elts gefal wol fan jimme!
Machtich moai dat jimme der wiene!

Hjirby nochris tige tank oan alle frijwilligers en stipers dy't it mei mooglik makke ha dat we 2 prachtige foarstellings del sette koenen. Ek nochris tank oan kafee Bergsma foar it oanbieden fan in kopke kofje of tee oan it publyk.

Wolsto ek ris wat foar de toanielferiening betsjutte; foar as efter de skermen? Bygelyks foar it bestjoer, de bouploch as de grime? In kear frege wurde om mei te spyljen? Lit it witte fia de mail: fml.easterein@gmail.com

Oant takom jier!!

Groetnis fan it bestjoer, de regisseuse en de spilers:
*Trudy de Vos, Elisabeth Breeuwisma, Karin Sjaarda,
Sietse Terpstra, Akke Tjalsma, Gerke Jongstra,
Rémon Tie Bouma, Jitske Veldman en Frans Jansen*



Ut de âlde doaze

27 jier werom wie dizze prachtige musical te sjen yn de sporthal fan Easterein.



1898 - Wilhelmina - 1998 Easterein

100 jier fanfareklanken fan de kristlike muzykferiening Wilhelmina. Soks moat op in bysûndere wize fierd wurde, fûnen wy as bestjoer. Sa bedarren wy by Hindrik v.d. Meer dy't allang omrûn mei it idee fan in musical oer it plak en de betsjutting, it "reilen en zeilen" fan in doarpsfanfare. Dit idee en ús 100-jierrich jubileum pasten byelkoar as broek en festje.

Fansels is soks in hiel weachstik, mar 100 jier Wilhelmina is ek net samar wat. It moat in barren wêze, dêr't de minsken noch lang oer neiprate. Sa stadichoan is it útgroeid ta it spektakel dat jim aanst sjen sille.

Fansels kin soks net sûnder de help fan frijwilligers. Al mei al ha sa'n 200 entûsjaste minsken harren meiwurking ferliend: koar, solisten, dûnsers, Sebeare, Wilhelmina, mar ferjit net dyjingen dy't de "omballingen" fersoargen. Sjoch, dêr wurde jo dan stil fan. Dat wy meielkoar yn dizze jachtige tiid dêr gelokkich noch tiid foar fine, dat is geweldig!

Sûnt maaie is der drok repetearre.

Wy stean te popeljen om jim it risseltaat sjen te litten en winskje jo in noflike jûn ta mei "Poche en Blaze".

Ut namme fan kr. Muzykferiening Wilhelmina, Durkje v.d. Eems-de Haan, foarsitter.



Sjong

Koor 'Sjong' uit Wommels nodigt u van harte uit voor het Voorjaarsconcert op zondag 13 april om 14 uur in 'de Menniste tsjerkje' te Itens.

Geniet van een gevarieerd repertoire van pop-, musical-, Friese en wereldliederen. Tijdens dit concert nemen we afscheid van onze dirigente Margo Konings en pianiste Sjoukje van der Velde.

Entree is gratis, er is een collecte bij de uitgang voor de onkosten. Wij hopen u te mogen verwelkomen voor een middag vol muziek en emotie.

Herdenking 4 mei 2025 te Easterein

De jaarlijkse herdenking in Easterein is dit jaar op **zondag 4 mei**. De organisatie is in handen van de Oranjevereniging i.s.m. drs. Gepko Roggeveen en CBS De Foareker. **Alle dorpsgenoten en belangstellenden zijn van harte welkom!**

De herdenking begint om 19.30 uur in het Kunstcentrum 'in de Kerk' dit is de voormalige gereformeerde kerk aan de Wynserdyk te Easterein. Jan Arendz van "It spoar werom" zal een overdenking houden. Het centrum is vanaf 19.15 uur open. U kunt binnenkomen onder passend pianospel. Na de herdenking gaan we in een 'stille tocht' naar de Martinikerk waar de kinderen van de Foareker kransen leggen bij de monumenten van de oorlogsslachtoffers Andries Joustra en Enne Bruinsma en een boeket bij het graf van Gerrit Joustra.

We sluiten deze herdenking af in het koor van de Martinikerk met een gedicht van Gepko en het zingen van het Wilhelmus.

De commissie 'Herdenking 4 mei'



Ut de húshâlding fan...
Wa binne dit?





INSTALLATIEBEDRIJF **DE JONG**

**Voor meer wooncomfort
van kelder tot dak**



Lid van
UNETO-VNI



ATAG
Verwarming

**Fabrykswei 7 Easterein
T. 0515 - 331 512**

Uw totaal installateur

**www.dejonginstallatiebedrijf.nl
info@dejonginstallatiebedrijf.nl**

Oan alle leden fan GEKE,

Utnûging ledegearkomste (ek net-leden binne wolkom)



Hjirby binne jo as lid fan GEKE útnûge op
tiisdei 29 april om 20:00 oere yn de Skoalleseize.

WURKLIST:

1. Iepening en meidielings
2. Ferslach gearkomste april 2024
3. Ferslach kaskontrôle
4. Jildsaken koöperaasje: goedkeur jierrekken 2024 troch leden
 - Ferkiezing kaskommisje
5. Sinnedak opbringst en oare ynformaasje
6. Bestjoer Geke:
 - Roaster fan ôftreden bestjoersleden: gjin wiziging.
7. Fanút bestjoer ynfomearje inisjativen:
 - Enerzjy coach projekt
 - Enerzjy scan
 - Batterij-opslach sinnedak
8. Koarte pauze
9. Stimming troch leden: Jierliks in plus fan € 3000,-.
Hoe yn te setten foar duorsum Easterein?
 - Foar ferienings as oare doelen foar leefber doarp?
 - Foar duorsumens troch advys as oare saken beskikber te stellen?
 - ..
10. Omfregjen
11. Sluten fan de gearkomste

Graach hearre wy as jo oanwêzich binne op de fergadering.

Dat kin fia info@geke-easterein.nl

Mei freonlike groetnis,

It bestjoer fan GEKE

(Aline Evenhuis, Jan Krol, Johannes Dijkstra, Marcel Janssen)

Hoe is it no mei... Jitske Stegenga?

Troch Bauke de Boer

Een paar weken geleden werd ik 40 jaar. Ik woon nu langer buiten Friesland dan erbinnen. Maar het blijft mijn geboortegrond.

Tot mijn 14e woonde ik in Easterein. Ik kijk hier met veel plezier op terug!

- De basisschool-periode met in de bovenbouw meester van Asselt/Hingst/Strikwerda (waar zijn nu die mannen voor de klas???)
- De doarpsfeesten
- Heit (Jap) en pake (Abe) in het bestuur van het keatsen.
De winst van de Freule in 1991 kan ik me goed herinneren (maar zelf vertikte ik om te keatsen, ik liep liever blokjes voor een ijsje)
- De weekenden rond de sporthal De Greidhoeke (niet te verwarren met het volleyballen, want ook dat deed ik niet graag)
- En later de Tsjerne en Bergsma waar de eerste 'tútsjes' werden uitgedeeld



Na de basisschool ging ik naar het Bogerman in Sneek waar ik ook een zeer leuke tijd heb gehad. In die periode verhuisden we helaas naar Nijland en ging ik na mijn HAVO Chemische Technologie studeren in Leeuwarden aan de NHL/Van Hall.

In het laatste jaar van mijn studie kwam heit te overlijden. Na een korte studiepauze ben ik in 2007 afgestudeerd en tevens heb ik dat jaar een sabbatical genomen om in Australië te backpacken. De beste beslissing ooit!

In 2008 learde ik mijn man Nick kennen in Delft, toen ik bij TNO werkte. Een paar jaar later verhuisden we naar het zuiden en inmiddels zijn we getrouwd en hebben 2 dochters, Lotte en Anke. We wonen in Bemelen (naast Maastricht) en ik werk op het industrieterrein Chemelot bij Fibrant. Een heel eind uit de buurt dus, maar altijd het vakantiegevoel (Zuid Limburg, je zult er maar wonen). Van het vlakke platteland met veel water naar de heuvels en warmte.

Naast de zorg voor de kinderen en het werk ga ik graag wandelen in mijn vrije tijd. Ik ben lid van een hardloopclub en ben graag buiten of ik pak een boek. Samen met Nick spelen we graag bordspellen en hebben we het bourgondische Limburgse leven geadopteerd . Mijn beste vrienden ken ik nog van de middelbare school en wonen in heel Nederland, maar ook hier hebben we een kring opgebouwd waar we regelmatig mee afspreken en leuke dingen doen. Al met al een zeer gelukkig leven!

Groetnis, Jitske Wierckx - Stegenga (06-83629027)

Fûgelwacht

Troch Jikke Velzen-Greidanus



Op freedtemiddei 28 febrewaris is troch de fûgelwacht Easterein in timmermiddei organisearre foar de skoalbern fan de Foareker.



18 jonges en famkes kamen nei de Tsjerne om mei-inoar in moai fûgelhokje te meitsjen foar de túnfûgels. Nei mear as in oere timmerjen gongen de bern tefreden nei hûs mei in moai hokje. Tige tank foar jimme komst, wy sjogge werom op in slagge middei.

Kommende simmer is der wer in jeugd-fûgelwachtdei foar alle bern út Fryslân, fia skoalle krije jim de datum en it plak noch te hearren.

LEANBEDRIUW OKKEMA



CONTACT

- ☎ 0515-331366
- 📞 06-26569428
- ✉ info@okkema.nl
- 🌐 www.okkema.nl

LEANWURK KRAANFERHIER GRÛNFERSET
EK FOAR: SÂN · TÚNGRÛN · WÂLBESKOEIING · BESTRATING · EN HEAR

📍 Wynserdyk 24, Easterein

Sandstra

— Trading BV —

Mesthandel

Transport

Caravanstalling

Sandstra trading bv
Skrok 2A
8734 HG,
EASTEREIN

info@sandstra.nl
www.sandstra.nl
Mobiel Transport: (06) – 51 796 583 (Bauke Sandstra)
Mobiel Transport: (06) – 20 391 631 (Germ Sandstra)

Keningsdei 2025

Dit jier in diels nije opset fan ús programma! Wat is it plan.....

We ha leuke aktiviteiten foar jim betocht. Fansels gean we gewoan wer keatsen, klaverjassen, jeu-de-boulen en is der wer in kofferbak-ferkeap! En ferjitte we de bern dizze dei net!!

Op freed te jûn is der in nijsgjirrige kuiertocht ûnder it mom fan **“IN HAP, STAP EN SAP RÛNTSJE...”** It is seker de muoite wurdich om mei te dwaan, de route is sear ferrassend te neamen.

Wat is mear nij dit jier?

Ha jo in hobby, fersamling dy't je mei ús diele wolle, wêr't je wat oer fertelle wolle, as ha jo in leuke baan, wêr't je miskien persoaniel nedich binne, ferkeapje je guod as ha jo iets oars wat je graach mei Easterein diele wolle, wês dan tige wolkom. Niks is te gek dit jier. Ek in klinic fan in feriening, dêr kin je oan tinke. Dus goai de auto fol as nim in tafel mei, dan meitsje we der in moaie start fan de dei fan.

Wilhelmina sil dit muzikaal begeliede en giet dit jier net troch de buorren.

It folsleine programma stiet yn it Doarpskrantsje en wurdt hûs oan hûs ferspriede. Foar fragen oer de kofferbak-ferkeap en hobby-beurs kinne jo terjochte by Siep Stoffelsma, 06 51513154.

Graach oant 25 en 26 april!


Groetnis, Oranje en Heitelân

Marco, Eelco, Baukje, Robert, Hendrik, Siep, Karin, Kees en Anneke



*De doarpsfeesten binne dit jier op:
Tongersdei 26 juny & freed 27 juny
Tema: muzyk*

Programma keningsdei 2025



FREED 25 APRIL

19.00 oere: 'Stappe en happe'

In nijsgjirrige rintocht fan sa'n 8 km rûnom Easterein wêr't fan alles te besjen is. Underweis stiet der in lekker hapke en snapke foar jimme klear. Bern fan 'e legere skoalle ûnder begelieding fan de âlder(s). Start en finish yn 'De Skoalleseize'. Nei ôfrin efkes noflik mei-inoar sitte.

SNEON 26 APRIL

9.00 - 12.00 oere: Kofferbak-ferkeap / Frijmerke / Hobbybeurs

Goai de auto fol en kom nei it parkearterrein njonken it sportfjild (fansels meie jimme ek spul op in kleedsje ferkeapje). Ferkeapje dêr, ûnder it genot fan in kopke kofje en allegear geselligheid, jo spul. Fansels ha we net allinnich keaplju nedich, mar ek klanten! Kom dus allegear nei it parkearterrein. Wy soarchje foar in tinte en in smûk hoekje om te sitten.

9.30 oere: Konsert

Korps Wilhelmina spilet foar eltsenien op it parkearterrein njonken it sportfjild. De kofje stiet klear!

Foar alle bern:

10.00-12.00 oere: Sminken

12.00 oere: Lunch yn 'e tinte op it parkearterrein

13.00 oere: Colorryn foar de bern oant en mei groep 3

13.45 oere: Colorryn foar de bern fanôf groep 4

Kom yn in âld wyt shirt foar it moaiste effekt!

14.30 oere: Dûnsje mei stuollen

Lokaasje: It parkearterrein en it lytse sportfjild foar de klaaikeamers

11.00 oere (10.45 oere der wêze): Keatsen

Keatsen yn ferskate klassen, de ynlis is € 4,-.

Opjaan kin by Wietse Vink oant en mei woansdei 23 april 20.00 oere, till. 06-54774931 as op opjefte@kfeasterein.nl



11.00 oere (10.45 oere der wêze): Klaverjassen

Klaverjassen yn De Skoalleseize, de ynlis is € 4,-.

Yndividueel opjaan yn De Skoalleseize op Keningsdei sels.

13.00 oere: Jeu de Boules

Jeu de Boules: de ynlis is € 4,-. Opjaan by de klup sels, as by de heer Cees Wouda, till. 06-36303394.

Meidwaan oan alle aktiviteiten is foar eigen risiko.

+/- 16.00 oere: Priisútrikking fan alle aktiviteiten

17.00 oere: In gesellige ôfsluting mei muzyk fan: **DJ Baggel**



Optocht & tema doarpsfeesten 2025

Tusken 15.00-17.00 oere is it mooglik om alfêst ynformaasje te krijen foar it kommende doarpsfeest. We binne mei in stand oanwêzich en ferlutsje de muzyksoart (it tema) yn 'e fergaderromte fan 'e Skoalleseize. Alle buerten en freoneploegen binne fan herte wolkom!

Deadebetinking 4 maaie

De jierlikse deadebetinking mei de skoalbern út Easterein is dit jier op snein 4 maaie. Wy nûgje jimme fan herte út om hjir by te wêzen! De betinking begjint om 19.30 oere yn de "grifformearde tsjerke fan eartiids" oan de Wynserdyk. De doar is iepen fanôf 19.15 oere. Dit jier mei in spesjale lêzing fan Jan Arendz. Oant 4 maaie, út namme fan CBS de Foareker, Kunstcentrum "In de kerk" en Oranje en Heitelân.



Sporthal & Sportkafé
De Greidhoeke



☎ 0515-331922

✉ info@degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal - Basketbal - Kuorkebal -
(Muor)keatsen - Gymnastyk

Dé ontmoetingsplek van Leeuwarden!

**BEDRIJFSVERZAMELGEBOUW – FLEX WERKPLEKKEN – SPORT & FITNESS
SUPERSNEL GLASVEZEL INTERNET – VERGADERRUIMTES – EN MEER...!**



🐦 @defabriek058

📘 facebook.com/defabriek058

LEEWARDEN
DE FABRIEK

JAMES WATTSTRAAT 4 / LEEWARDEN / 058 - 30 30 490
WWW.DEFABRIEKLEEWARDEN.NL

Vrijwilligers gezocht: help onze volleybalvereniging verder!

Troch Anke Marije Pompstra, voorzitter Covos

Iedere vereniging kent het probleem: vrijwilligers vinden is een uitdaging. Wij als volleybalvereniging merken dat ook. Het lijkt soms alsof iedereen druk is en dat er geen tijd meer is voor bestuurswerk of andere vrijwilligerstaken. Daarin staan we niet alleen. Overal zie je sportverenigingen, clubs en organisaties worstelen met het vinden van mensen die zich willen inzetten. Zonder vrijwilligers staat alles stil!

Met meer dan 200 leden is onze vereniging een levendige club waar sportplezier, gezelligheid en zeker ook prestaties centraal staan. Dames 1 is nog in de race voor kampioenschap en mocht dat lukken, zouden we als club op tweede divisie niveau uit gaan komen en dat is nog nooit eerder voorgekomen! We zijn trots op al onze leden en huidige vrijwilligers, maar toch hebben we al het hele seizoen een groot probleem: we zoeken dringend een penningmeester en een algemeen bestuurslid. Twee belangrijke functies die helpen om onze vereniging draaiende te houden.

We doen daarom een beroep op jullie: ouders, leden, oud-leden en andere betrokkenen. Bestuurswerk hoeft niet ingewikkeld of tijdrovend te zijn. Met een paar uurtjes per maand kun je al een enorme bijdrage leveren. Bovendien sta je er niet alleen voor; we werken als team en ondersteunen elkaar.

Laten we eerlijk zijn: met meer dan 200 leden en een groot netwerk van betrokken mensen moet het toch lukken om deze twee plekken in te vullen? Zonder bestuur geen vereniging – zo simpel is het.

Dus, wie helpt ons verder?

Heb je vragen of interesse? Neem contact met ons op!

**Samen houden we onze
volleybalvereniging sterk!**



Fan de Foareker

Troch Lineke Bakker



Fan groep 1 en 2

Juf Henriëtte Valkema, ús lêskonsulinte wie op besite yn groep 1 en 2. Se hat in prachtich boek foarlêzen, mei printen op it digyboerd. De bern ha der fan genoaten. We hoopje dat de bern fan jongs ôf oan, nocht krije oan lêzen en boeken. Dat dogge we troch de bern op ferskate wizen kennis meitsje te litten mei boeken. Ek oer de boeken fan Dikkie Dik, ha de bern wurke.



Bernesjuery mei boeken yn groep 5 en 6

Yn groep 5 en 6 mochten de bern efkes yn de hûd krûpe fan de Bernesjuery fan de Berneboekewike. Juf Henriëtte fan de byb kaam del om tegearre mei de bern in steapel boeken te beoardieljen: De omslach, de beskriuwing, de yllustraasjes...



Koartsein, in aardige gastles dêr't lêspлезier sintraal by stie. O ja, yn groep 5/6 wûn it boek 'De Superhacker' fan Annemarie Jongbloed. Logysk, want mei safolle gamers en kompjûterfans yn de groep 5/6 seagen we dat fansels wol oankommen...

Muzykles yn groep 6

De bern fan groep 6 hawwe 5 blaaslessen en 5 slachwurklessen hân fan master Roelof Bakker. Troch de bern yn oanrekking te bringen mei ferskate ynstruminten, hoopje we dat se entûsjast wurde foar muzyk en sels in ynstrumint kieze om te spyljen.



Keatsclinic foar groep 3/4 en groep 5/6

Groep 3/4 en groep 5/6 ha 2 keatsclinics hân fan de keatsferiening. Dieuwke, Judy, Douwine en Fianne ha de bern op boartlike wize kennis meitsje litten mei de keatssport. De bern hawwe harren tige fermakke en wa wit krijt de keatsklup nije leden, mei talint!



Keatskamp

En doe kaam sirkusdirekteur Hallema samar de skoalle yn, by alle klassen lâns, yn syn prachtige outfit. Hy wie op syk nei akrobaten en clowns foar yn syn sirkus, it keats-sirkus. De bern (fan ôf 5 jier) krigen in briefke fan him om harren op te jaan om mei te dwaan oan dit kamp.



Projekt "It spoar werom"

Op de Foareker wurkje alle groepen mei oan in projekt "It spoar werom" wat yn april yn Easterein útfierd wurdt. Yn Bergsma wurdt in tentoanstelling makke fan keunstwurken fan de bern.



Hannah Sijbesma hat op skoalle west yn groep 7 en 8 om te helpen mei it sketsen en skilderjen foar de tentoanstelling.



Worskhop Technolab CSI

De bern fan groep 7/8 ha nei in workshop fan Technolab west. Op de workshop krûpten de bern yn de hûd fan echte Crime Scene Investigators.



Mei harren labjas oan en notysjeklapper yn 'e hân, besochten sy it mystearje te ûntraffeljen. En dat is slagge!



Finale Frysk diktee

Meike en Britt út groep 7 ha meidien oan de finale fan it Frysk diktee. 400 skoallen út Fryslân diene dêr oan mei en sa'n 50 bern hiene harren dêrfoar pleatst. In geweldige prestaasje en in moaie ûnderfining. Alle bern krigen in diploma en in boek.



In groet fan groep 4 fan de Foareker



Skriuw de datum op!

Woansdei 28 maaie organisearret KBS De Foareker in **Lente-Fair** foar alle ynwenners fan Easterein en omkriten. De oanlieding foar dizze fair is ús winsk om fan it besteande skoalleplein in nije, natuerlike en duorsume boartersomjouwing te meitsjen foar alle bern. De fair sil plakfine **op it plein fan De Foareker**.

Wolle jim **meitinke** oer de ynfolling fan dizze fair of in **bydrage leverje** yn 'e foarm fan in aktiviteit? Nim dan gerêst kontakt op mei skoalle of stjoer in mail nei: pleinfoareasterein@gmail.com. Mear ynformaasje folget!



BOS

mechanisatie

SPECIALIST OP HET GEBIED VAN TUIN- EN PARKMACHINES

Onze ervaren medewerkers adviseren u graag over de machines die het beste passen bij uw specifieke situatie. Dat kunnen nieuwe producten zijn, maar we bieden ook tweedehands machines aan.



Tuin- en parkmachines



Verhuur



Service & Onderhoud

ONZE MERKEN:



BOS

mechanisatie

- BOSSHOP
 - LANDBOUW
 - TUIN & PARK
 - INDUSTRIE
- WWW.BOSMECH.NL

SIBADAWEI 24
8734 HE EASTEREIN
0515-332125

WESTEREIN 9
8571 GB HARICH
0514-602922





Crowdfundingsactie om onze vereniging financieel gezond te houden

Paardensportvereniging 'De Donia's' is een kleinschalige rijvereniging, opgericht in 1940, aan de Sjaardaleane te Easterein.

Zoals de meeste mensen wellicht weten hebben we een eigen buitenbak aan de Walperterwei in Wommels. Hier wordt regelmatig gebruik van gemaakt door onze leden en zodra het lang genoeg licht is, worden hier ook onze clublessen gegeven. De bodem en drainage van onze buitenbak is hoognodig aan vervanging toe.

Het zand was 'op', in de zomer erg stoffig en met regen bleef het water in de bak staan. Inmiddels hebben we financieel de mogelijkheid, dankzij o.a. het ondernemersfonds Wommels/Easterein, om dit te kunnen bekostigen en zijn we gestart met de renovatie.

U kunt zich voorstellen dat dit een behoorlijke kostenpost is, waardoor ons "spaarpaard" zo goed als leeg is. We hebben een paar 'oud-leden' als donateur, verder krijgen we geen jaarlijkse donaties.



Om onze vereniging financieel gezond te houden starten wij een crowdfunding actie via: [Tinyurl.com/dedonias](https://tinyurl.com/dedonias)

U kunt ook de QR code scannen.

Wij vragen om een éénmalige gift, dit kan anoniem.

Alvast bedankt!

Bestuur Paardensportvereniging 'De Donia's'

Steunactie

ropa

NATUURSTEEN

hardsteen - composiet - marmer - graniet

Keukenbladen | Vensterbanken | Interieur-Afbouw | Dorpels
Gevelbekleding | Grafmonumenten | Restauratie en onderhoud

T: 06-36499860 E: info@ropanatuursteen.nl

Toarnwerterleane 3, 8845 SE Waaksens

WWW.ROPANATUURSTEEN.NL



Fizel

DROGISTERIJ - PARFUMERIE

**TERP 52, 8731 BA WOMMELS
TELEFOON 0515 333 210**

Ledenvergadering Uitvaartverzorger “De Laatste Eer” - Easterein

Donderdag 10 april 2025 om 20.00 uur bij Bergsma Easterein

Agenda

1. Opening
2. Vaststellen presentielijst
3. Notulen
4. Jaarverslag secretaris
5. Rapport kascommissie
6. Jaarverslag penningmeester
7. Pauze
8. Paulien & Jaquelina Sytsma van Wikkelaar gaan ons bijpraten over hoe het werkt als men begraven wil worden op een natuurbegraafplaats.
9. Bestuursverkiezing
Geertje van der Weerd heeft na 20 jaar kenbaar gemaakt om te stoppen als bestuurslid van de Laatste Eer Easterein.
Petra Santema heeft haar als opvolgster van Geertje beschikbaar gesteld.
10. Vaststellen contributie en uitkering.
Contributie gaat dit jaar met € 1,- omhoog van € 26,50 naar € 27,50
Uitkering blijft € 1250,-
11. Rondvraag
12. Sluiting

Belangrijk

Er wordt aan herinnerd dat degenen die de leeftijd van **18 jaar** hebben bereikt, **persoonlijk lid** van de vereniging dienen te worden.

Het is ook van groot belang bij verhuizing, geboorte van (een) kind(eren),

dit direct te melden aan de ledenadministratie: info@delaatsteereasterein.nl

Ook zijn wij te vinden op het web: www.delaatsteereasterein.nl

Het bestuur

Diensten van de vereniging in 2024


05 / 06	Dhr. Djurre J. Tacoma	80 jaar
17 / 10	Dhr. Gerrit Sjoerd Joustra	79 jaar
19 / 10	Mevr. Anna Marika Dijkstra - v/d Woude	82 jaar
03 / 12	Dhr. Cornelis van Dijk	83 jaar
29 / 12	Mevr. IJbeltje van der Brug - Koopmans	93 jaar

Nijsgjirrich Tsjerkenijs

Troch Nicolette Vlaming

Palmpaasstokken knutselen

Inmiddels is het al een vaste afspraak om palmpaasstokken te knutselen op school. Dit jaar doen we dat op **woensdag 9 april** om **14.00 uur** in school. Kinderen van school moeten zich hiervoor op school opgeven en worden zondag 13 april in de palmpaasviering verwacht in de kerk.



Kinderen die niet in Easterein naar de basisschool gaan, maar wel in het dorp wonen kunnen zich opgeven bij Wybrich Ynema, tel. 06-14422720. Dan weten we hoeveel stokken we moeten hebben.

De palmpaasstok is een met groene takjes en lekkernijen versierde stok, in de vorm van een kruis. Zondag 13 april is er een familieviering in de kerk waar groot en klein, jong en oud bij elkaar komen om te horen over Jezus die Jeruzalem binnenkomt op een ezeltje.

Later in de viering, als de palmpaasstokken zijn afgemaakt met het laatste lekkers en een echt broodhaantje, lopen de kinderen in optocht door de kerk met hun palmpaasstok. Weet je welkom en doe mee!

Samen eten

Donderdag 10 april kun je weer aanschuiven voor een maaltijd. Om 12.00 uur staat de warme hap weer op tafel in De Skoalleseize. Aanmelden is wel nodig. Dit kan tot maandag 7 april bij Annie Sjaarda, 06-20765494.



In het kort:

Iedere tweede donderdag van de maand vanaf 12.00 uur (inloop vanaf 11.45 uur). Voor € 7,50 krijg je een driegangen menu, drinken is hierbij niet inbegrepen.

Schuif aan bij The Passion!

Op Witte Donderdag, 17 april, wordt het Paasverhaal op een unieke wijze verteld. De cast, vol bekende Nederlanders, zingt, presenteert en vertelt over de belangrijkste gebeurtenis uit de Bijbel. Jaarlijks kijken miljoenen mensen naar The Passion.



De Martintsjerke van Easterein zet haar deuren wijd open voor het hele dorp. In het koor van de kerk maken we gezellige zitjes, is er wat te drinken met iets lekkers erbij en kijken we naar The Passion.

Inloop vanaf 20.15 uur, daarvoor is de viering in de kerk. Van 20.30 tot 22.00 uur kijken we The Passion live. Na de tijd is er wat drinken en kunnen we met elkaar napraten. **Tige wolkom!**



Paasontbijt 2025



Heeft u of hebben jullie zin in een lekker en gezellig ontbijt? Kom dan zeker naar ons paasontbijt op paaszondag 20 april a.s.

Waar: Martinitzjerke Easterein
Hoe laat: inloop vanaf 7.45 uur en om 8.00 uur begint het ontbijt.

Opgeven kan via het onderstaande strookje, mail, app of een telefoontje. Opgeven voor maandag 14 april. Groeten van de ZWO en Diakonie.

Marcel Janssen, De Singel 34, 06-27 34 79 00, marcel.francisca@gmail.com



Ik / wij komen met personen naar het Paasontbijt.

Naam: _____ Tel.nr: _____



SUCCESVOL AFVALLEN & OP GEWICHT BLIJVEN

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PS food & lifestyle; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en ervaringsdeskundige coaching in Wommels, Terschelling en online

EMS-training

Train je grootste spiergroepen in slechts 20 minuten inbegrepen in afslank programma!

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald? Ik bied je **VIJF JAAR** gratis nabegleiding!

DAAROM GA JE NAAR BALANSIE!

Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en ik informeer je graag naar de mogelijkheden van mijn begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19

De Pinne

Troch Klaas de Jager

Erg leuk om een stukje te schrijven. Ik vergat het elke keer maar nu is het er dan toch echt van gekomen.

Sinds begin vorig jaar woon ik samen met mijn zoon Maarten op de Streek 3. Het huisje delen we met onze poes Lapje en kater Karel. Maarten doet de opleiding ICT Beheer en Infra bij Firda. Mijn zoon Tom woont op dit moment in Bilbao en doet daar een master voor zijn opleiding Industrieel Product Ontwerp.

Naast Easterein ben ik regelmatig bij mijn vriend Guus op Schiermonnikoog. Een heerlijk eiland om te zijn en ik voel me intussen al wel een beetje een eilander. Samen wisselen we het af, dan weer op het eiland en dan weer op de wal.

Naast mijn werk als interim manager werk ik als psycholoog, coach en trainer. Deze afwisseling geeft mij veel voldoening. Zeker omdat ik ervan houd met mijn voeten in de klei te staan. Mijn slogan is *'Leef het leven waarvoor je geboren bent'* en dat is waar ik zelf ook voor ga.

Naast mijn werk ga ik graag een rondje hardlopen en doe ik tevens aan krachttraining. Ik heb namelijk gehoord dat dat goed is voor je core . Ook kook ik graag en kijk ik hoe ik creatief met recepten om kan gaan. En niet te vergeten, ik ben weer begonnen met het spinnen van wol en vilten. Heerlijk relaxed.

Tot zover. Groetjes en tot in het dorp.

Hilde Orriens



Ut de húshâlding fan... Oplossing

Dizze kear in foto út de húshâlding fan Stoffel en Tine Bouma:
Tryntsje en Siebolt



INT. HANDELS- EN TRANSPORTBEDRIJF

GEBR. VELLINGA B.V.

SIBADAWEI 26A · 8734 HE · EASTEREIN

FOURAGE: 0515 - 331565 · TRANSPORT: 0515 - 333510

GEBR.VELLINGA@HETNET.NL · WWW.GEBRVELLINGA.NL



(YNTERNASJONNAAL) TRANSPORT · MINGFOER
RUWFOER · HOBBYFOER · DONGSTOFFEN
STRUISEL · GERSBROK

IEPENINGSTIDEN: TIISDEI 09.00-17.00 OERE EN SNEON 08.30-12.00 OERE

De koksmûtse: Worteltaart met roomkaastopping

Troch Annebeth de Jong



Ingrediënten:

- 4 eieren
- ca. 350 g wortels
- 3 el warm water
- 80 g poedersuiker
- 1 tl kaneel
- 2 el paneermeel
- 50 g suiker
- 250 g amandelel
- 1 zakje bakpoeder

Topping: 200 g roomkaas, 100 g poedersuiker en 1 beker room

Voor als je geen slagroom in huis hebt: Cream cheese frosting: 130 gram boter, 200 gram roomkaas, 130 gram poedersuiker (mix de ingrediënten voor de topping tot een egaal mengsel).

Benodigheden: Springvorm met doorsnede van 26 cm.

Instructies:

- Bekleed de vorm met bakpapier. Verwarm de oven voor tot 180 graden.
- Splits de eieren.
- Schil en rasp de wortels. Je hebt ongeveer 300 g geraspte wortels nodig.
- Klop met de handmixer de eidooiers met water en poedersuiker schuimig en roer vervolgens de kaneel, het paneermeel en de wortels erdoor.
- Klop de eiwitten met de suiker stijf en laat het op het wortelmengsel glijden.
- Meng het amandelel met het bakpoeder en verdeel het over de massa. Schep alles met een spatel luchtig door en bak het deeg vervolgens 1 uur in de vorm in de voorverwarmde oven. Laat de taart afkoelen.
- Roer de poedersuiker door de roomkaas. Klop de slagroom stijf en schep die door de roomkaas.
- Bestrijk de taart ermee. Evt. kun je het ook tussen de cake gebruiken.


Bernehoekje

Troch Froukje Dijkstra

1 = SWART **2** = LJOCHTBRÚN **3** = DONKERBRÚN **4** = BLAU

4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4
4	4	4	4	3	3	3	3	3	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4
4	4	2	2	2	2	3	3	3	3	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4
4	4				2	2	3	3	3	3	4	4	4	4	4	4	4	4	4
4	4					2	2	2	2	3	3	3	4	4	4	4	4	4	4
4	4	4						2	2	2	2	3	2	2	2	2	4	4	4
4	4	4	4	4						2	2	2	2	2	2	2	2	4	4
4	4	4	4	4	4	4	4	4				2	2	2		1	2	2	1
4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	2	2	2	2			2		4
4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2		4
4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2		4
4	4	4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	4	4
4	4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2		4	4	4
4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2	2		4	4	4
4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	3	2	2	2	2			4	4	4
4	4		2	2	2	2	2	2	2	2	3	2	2	2		4	4	4	4
4			2	2	2	2	2	2	2	2	3		2	2	2	4	4	4	4
4				2	2	2	2	2	2	2			2	2	2	3	4	4	4
4	4			2	2	2	2	2	2			4	4	2	2	2	3	4	4
4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	3	3	4	4	2	2	2	3	4
4	4	4	4	4	2	2	2	2	2	2	2	2	3	4	4	2	2	2	4
4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4	4

FIJNE  **PEASKEDAGEN!**



*Spul of gjin spul?
Altijd een boppeslach met MRW.*

“Duurzaamheid zit in ons hart”



Duurzaamheid is het goed doorgeven aan de volgende generatie. Dit zit in het hart van ons familiebedrijf. Omdat elke generatie een mijlsteen voor de volgende wil leggen. Dit vraagt om langtermijnvisie. Voor ons is de relatie tussen leven en werken – ons bedrijf en de samenleving – zonneklaar. Werken is voor ons daarom ook synoniem aan meewerken aan een duurzame(re) wereld. Juist daarom produceren wij drukwerk CO2 neutraal!



drukkerij van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN